



# TRIJELUK OER DE BIOGRAFY

In biografy is in ferhalende libbensbeskriuwing fan in persoan dy't ynsjoch jout yn it karakter fan dy persoan en de tiid dêr't dy yn libbe. Hoe is it om in biografy te skriuwen? En wat smyt it op? Yn trije jûnen, elk mei in eigen ynfolling, mar mei de biografy as mienskiplik tema, steane ferskate fasetten sintraal. Elk is wolkom, tagong is fergees!

**18 APRIL**

## **DAVID VELTMAN EN MARGA CLAUS**

David Veltman wurket by it Biografie Instituut fan de Rijksuniversiteit Groningen en fertelt oer it belang fan biografyen en it Biografie Instituut. Marga Claus skriuwt biografyske fiksje en is dosint libbensferhalen skriuwe. Se fertelt oer har boeken en har kursus.



**23 MAAIE**

## **ALPITA DE JONG EN DOEKE SIJENS**

Alpita de Jong skreau de biografy fan Joast Halbertsma en wurket no oan de biografy fan de earste keninginne fan Nederlân, Wilhelmina (Mimi). Doeke Sijens skreau earder de biografy fan Reinder Brolsma en wurket oan de biografy fan Trinus Riemersma. Beide fertelle oer har wurk.



**27 JUNY**

## **LIUWE WESTRA, ARJEN DIJKSTRA EN HANNEKE HOEKSTRA**

Liuwe Westra skreau de biografy fan Tony Feitsma. Nei in ynlieding, dêr't Westra yn fertelt oer syn oanpak, prate Arjen Dijkstra (direkteur fan Tresoar) en Hanneke Hoekstra (universitêr dosint moderne skiednis oan de Rijksuniversiteit Groningen) oer it belang fan de biografy as tagong ta de skiednis fan de wittenskip (frisistyk) en de (Fryske) beweging.



Wannear: tiisdei 18 april, 23 maaie en 27 juny

Wêr: Tresoar, Kafee De Gouden Leeuw

Tiid: 19.30 oere

### **Oanmelde?**

Elk is wolkom! Graach yn it foar oanmelde. Sjoch yn de aginda op [Tresoar.nl](https://Tresoar.nl) of scan de QR-koade

